

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
O.f. frou Corlienke de Jong (FNP)
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 21 desimber 2016

Ferstjoerd, **21 DEC. 2016**

Ús merkteken : 01382573
Ôfdieling : Kultuer en Mienskip
Opsteld troch : N.J. de Vries / (058) 292 80 44 of n.devries@fryslan.frl
Jo merkteken : 01377683
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : Beantwurdig skriftlike fragen oangeande Taalplan Frysk

Achte frou De Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder oangeande it Taalplan Frysk, ynkommen op 5 desimber 2016 en ynboekt ûnder nûmer 01377683, beantwurdzje wy as folget.

Fraach 1

Wolle jo de Steaten yngeand ynformearje oer de konkrete (smart) doelen, aksjes, tiidpaad en effekten fan dit Taalplan Frysk? Hoe sille jo dit allegear mjitte?

Antwurd fraach 1

Ja, dat wolle wy.

Wetlik ramt - Foarôfgeand op de beantwurdig fan jo fragen, sketse wy graach noch eefkes it ramt dêr't it foech yn útoefene wurdt. Yn de *Wet op het Primair Onderwijs* (WPO) en de *Wet op het Voortgezet Onderwijs* (WVO) stiet oanjûn dat skoallen yn de provinsje Fryslân ferplichte binne om ûnderwiis yn de Fryske taal te fersoargjen.¹ Yn it ferline koe op basis fan de WPO en de WVO allinne folsleine (foar alle kearndoelen) – en net parsjele (foar in part fan de kearndoelen) – ûnthefing ferliend wurde. Yn 2010 hat de Stjoergroep Hoekstra² advisearre om de WPO en de WVO sadanich oan te passen dat Deputearre Steaten de ûnthefing fan de ferplichting om it Frysk op skoallen foar primêr en fuortset ûnderwiis net

¹ De doelen dy't skoallen neistribje moatte oangeande Frysk binne fêstlein yn saneamde kearndoelen. De kearndoelen binne fêstlein yn it *Besluit vernieuwde kerndoelen WPO* en it *Besluit kerndoelen onderbouw VO*.

² Advies van de Stuurgroep decentralisatie Friese taal van Rijk naar de provincie Fryslân (Stuurgroep Hoekstra), *Fries in het onderwijs: meer ruimte, regie en rekenschap voor de provincie Fryslân*, 2 july 2010.

allinne folslein, mar ek parsjeel ferliene kinne. Dit advys fan de Stjoergroep Hoekstra is opfolge en op 1 augustus 2014 is de wiziging fan de WPO en de WVO op dit punt yngien.³ Nei oanlieding fan de wiziging fan de WPO en de WVO is besletten dat in beliedsregel fêststeld wurde moat, wêrby't rekken hâlden wurdt mei de nijste ôfspraken, befiningen en ynsjoggen oangeande de Fryske taal yn it ûnderwiis.⁴ Mei it Taalplan Frysk wurdt útfiering jûn oan de beliedsregel.

Doelen en effekten - It doel fan it Taalplan Frysk is om fan alle skoallen yn byld te krijen hokker keardoelen sy foar it Frysk realisearje, hoe't sy foarm oan it fak Frysk jouwe en wat har ambysjes oangeande it Frysk binne. Op basis fan it Taalplan Frysk kinne Deputearre Steaten beslute de skoalle foar in perioade fan maksimaal fjouwer jier ûntheffing te ferlienen foar de keardoelen dy't skoallen noch net helje. By de ûntheffingsferliening wurdt útgien fan in groeimodel: de skoalle krijt troch de tydlike ûntheffing de kâns om stapke foar stapke it Frysk te ferbetterjen sadat by in folgjend mijtmomint idealiter minder ûntheffing nedich is. Ek biedt it Taalplan Frysk de kâns om de skoalle stipe op maat te bieden, ôfhinklik fan wêr't sy it measte ferlet fan hawwe: neiskoalling, lesmetoades en/of ûnderwiisbegelieding. De ûntheffingsbesluten wurde dield mei de Ynspeksje fan it Underwiis dy't dêrmei in ynstrumint krigen hat om skoallen goed kontrolearje te kinnen op it Frysk. Dit alles liedt derta dat skoallen minder frijbljuwend ynfolling oan de wetlike ferplichting oangeande it fak Frysk jaan kinne en dat op lange termyn hieltyd mear skoallen hieltyd minder ûntheffing nedich binne en dat de kwaliteit fan it Frysk op skoallen ferbetteret.

Aksjes en tiidpaad – Tusken april 2016 en desimber 2017 stelle alle skoallen (op dit stuit: 531) foar primêr en fuortset ûnderwiis in Taalplan Frysk op. Oan de hân dêrfan kin it ferlet fan de skoallen oangeande les materiaal, neiskoalling en begelieding yn kaart brocht wurde. Oan de hân fan it ferlet kin mei de subsidiearre ynstellingen ôfspraken makke wurde oer de oantallen skoallen dy't sy mei de winske stipe berikke moatte. Op grûn fan de skoallen dy't yn 2016 al in Taalplan Frysk opsteld hawwe, kin hjir yn 2017 al in begjin mei makke wurde, mar pas yn 2018 – at alle skoallen in Taalplan Frysk opsteld hawwe – kinne der echt goede ôfspraken makke wurde.

Mjitwize - De eksersysje yn 2016 en 2017 wurdt sjoen as in nultmjitting: foar it earst krijt de provinsje in realistysk byld fan it omtinken dat der op dit stuit op skoallen yn Fryslân oan it Frysk jûn wurdt. Dizze resultaten wurde dield mei de Ynspeksje fan it Underwiis, dy't dêrmei de skoallen kontrolearje kin. Om't de (parsjele) ûntheffing tydlik is, en jildt foar in perioade fan maksimaal fjouwer jier, wurde de skoallen oer fjouwer jier op 'e nij hifke.

Fraach 2

Wolle jo dêrby ek eksplisyt yngean op de wize wêrop't de Steaten tenei ynformearre wurde oer it tal berikte learlingen, en it konkrete leareffekt dat by dy learlingen berikt wurdt (=tasizzing op eardere fragen en yn PS)?

Antwurd fraach 2

Ja, dat wolle wy.

Neist de wenstige ynformaasjemominten (berap1, berap2 en jierferslach) wurdt der yn de ûnderwiismonitor (komt yn 2017 online beskikber), omtinken bestege oan de útkomsten fan it Taalplan Frysk. De ûnderwiismonitor wurdt geregeld update troch de ôfdieling IV, sadat PS altyd oer aktuele oersjoggen beskikke kin. It beheljen fan de keardoelen yndisearret it konkrete leareffekt by learlingen. De Ynspeksje fan it Underwiis sil hjiroer rapportearje (sjoch ek it antwurd op fraach 8). Dêrnjonken wurde skoallen stimulearre om it nij ûntwikkele toets- en evaluaasjesysteem GRIP te brûken. Dêrmei kinne skoallen en

³ WPO, kêst 9, lid 4; WVO, kêst 11e, lid 1.

⁴ *Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs*, Provinciaal Blad Nr. 3671, 26 juny 2015.

de Ynspeksje fan it Underwiis op learlingnivo sjen hokker leareffekt berikt is.⁵

Fraach 3

Der binne ûnderwilens mear as 200 sertifisearre meartalige opfang- en pjutteboartersplakken, dy't jonge bern fertroud meitsje mei beide talen. Ek yn de stêden. Krijt dit aspekt genôch syn gerak yn it Taalplan? Op hokker wize wurdt de meartalige situaasje yn de stêden yn it plan konkretisearre?

Antwurd fraach 3

Yn it Taalplan Frysk foar it primêr ûnderwiis wurdt oan eltse skoalle de fraach steld fan hokker pjutteboartersplak(ken) of bernedeiferbliuw(en) de bern op de skoalle ôfkomstich binne en oft dit (in) twatalige lokaasje(s) oanbelanget. Lykas foar alle oare skoallen yn Fryslân, wurdt ek foar skoallen yn stêden omtinken bestege oan de taaleftergrûn fan learlingen en learkrêften.

Fraach 4

Kinne jo yn it ramt fan doelen, aksjes en effektmjitting ek oanjaan hoefolle kânsen yndividuele bern yn Fryslân krije op in trochgeande meartalige ûntwikkeling? Hoe slute pjutteplakken, basisskoallen en fuortset ûnderwiis op learlingnivo mei it Frysk naadleas op elkoar oan of wat moat der barre om dat te berikken, wannear en mei hokker aksjes?

Antwurd fraach 4

Op dit stuit is der op trije oant fiif plakken yn de provinsje in fysike trochgeande meartalige learline oanwêzich. Dat oantal wolle wy ferheegje.⁶ Dêrta sjogge wy earst mei de partijen dy't ûnderdiel útmeitsje fan de Basisfoarsjenning foar de trochgeande learline nei plakken dêr't sa'n trochgeande learline maklik ta stân brocht wurde kin, troch derop yn te setten in ûnbrekke skeakel yn de trochgeande meartalige learline meartalich te meitsjen. Benammen yn 2017 sille wy hjir wurk fan meitsje. De earste stappen binne lykwols al set. Sa is der is mei ferskate skoalbestjoeren praat oer it stal jaan fan mear fysike trochgeande meartalige learlinen yn de regio en is der in ferfolch jûn oan de mfû-pilot.

Fraach 5

Kinne jo yn it ramt fan it Taalplan ek oanjaan op hokker wize der genôch omtinken jûn wurdt oan bern, dy't fan hûs út Frysktalich binne?

Antwurd fraach 5

Yn it Taalplan Frysk wurdt fan alle skoallen yn byld brocht wat de taaleftergrûn fan de learlingpopulaasje is. It bepraten en fêststellen fan de learlingpopulaasje liedt derta dat ek skoallen mei in oerweagjend net-Frysktalige learlingepopulaasje yn it each krije hokker en hoefolle learlingen fan hûs út Frysktalich binne. Mei it Taalplan Frysk wurdt boppedat de didaktyske plicht fan skoallen om te differinsjearjen op learlingnivo oan de oarder steld.

Fraach 6

De boppeneamde webside fan it Taalplan Frysk jout oan dat ûntheffings en plannen makke

⁵ Yndividuele leareffekten is privacygefoelige ynformaasje dêr't PS net oer ynformearre wurde kin.

⁶ Mei de yntegrale beliedsnota 2013-2016 *Grinzen Oer* is ynset op it ta stân bringen fan mear yndividuele meartalige lokaasjes op ferskillende ûnderwiisnivo's. Yn de nije beliedsperioade wurdt ynset op it ferbinen fan dy ferskillende lokaasjes om sa op mear plakken in fysike trochgeande meartalige learline ta stân te bringen. Dat is it doel fan de 'Basisfoarsjenning Plus', ûnderdiel fan it Deltaplan Frysk. Dizze ambysje wurdt ek beneamd yn it Koälysjeakkoart 2015-2019 'Mei elkenien, foar elkenien', it útfieringsprogram en de Beliedsbrieff 2017-2020 'Mei Hert, Holle en Hannen'.

wurde sille op grûn fan de taaleftergrûn fan de 'regio' dêr't de bern wei komme. Dêrby wurdt in kaartsje toand fan gemeenten en it memmetaal-behearskingsnivo fan dy gemeente. Yn hoefier wurdt differinsjearre nei it taalbehearskingsnivo fan doarpen/wiken yn sokke gemeenten (omdat dat yn gemeenten mei sawol stêd as plattelân tige ferskillend wêze kin)?

Antwurd fraach 6

It kaartsje dat op de troch jo oanhelle webside⁷ ôfbylde stiet, is ôfkomstich út de Taalatlas 2015. Oerienkomstich de *Beleidsregel ontheffing vak Fries* wurdt û.o.: 'het ingeschatte gebruik van het Fries binnen de (school)gemeenschap' as kritearium fan beoardieling brûkt. De Taalatlas kin as helpmiddel brûkt wurde by it meitsjen fan dy ynskatting. Lykwols, yn it Taalplan Frysk wurdt elke skoalle frege nei de taaleftergrûn fan har learlingen, dat neist de yndikaasje dy't de Taalatlas jout, is der mear detailarre ynformaasje oer de taaleftergrûn fan learlingen per skoalokaasje beskikber.

Fraach 7

Kinne jo ek oan de Steaten rapportearje hoefolle skoallen aanst nei dizze operaasje de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk ferbetterje moatte, en hoe't soks dan dien wurdt?

Antwurd fraach 7

Om hjir in ynskatting fan te meitsjen, moat earst fan alle skoallen in Taalplan Frysk opsteld wurde. Foar it garjen fan ynformaasje foar dizze nulmjitting is oant 31 desimber 2017 de tiid nommen. De skoallen mei in profyl A (dy't dus foldogge oan alle kearndoelen), hawwe gjin ferbettering nedich. Op de skoallen yn de profilen B o/m G is wol ferbettering mooglik. Foar de útfiering ta ferbettering ferwize wy jo graach nei ús antwurd op fraach 1.

Fraach 8

Graach wolle wy ek witte hokker ôfspraken der yn dit ramt no mei de ûnderwiisynspeksje makke binne of wurde. Kinne jo ús dêroer ynformearje?

Antwurd fraach 8

De Ynspeksje fan it Underwiis hat ferskillende kearen oanjûn dat de opfolging fan de oanbefellings dy't de Ynspeksje fan it Underwiis dien hat yn har lêste rapport Tusken Winsk en Wirklikheid (2010) foldwaande binne om yn de takomst wer te hanthavenjen op it Frysk yn it ûnderwiis en om de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis wer te ûndersykjen. Dit is û.o. útsprutsen troch de Ynspekteur-Generaal fan it Underwiis mw. Monique Vogelzang by it bestjoerlik oerlis op 18 novimber 2015 mei deputearre Poepjes en by it Wow-Frysk kongres op 25 maaie 2016 yn Drachten. Ek hat de Ynspeksje fan it Underwiis tasein wer in nij rapport (lykas it lêste rapport Tusken Winsk en Wirklikheid út 2010) útbringe te wollen. Dat is mooglik as alle skoallen in Taalplan Frysk opsteld hawwe, dus fan 2018 ôf. Yn dit ramt wurde ek alle besluten oangeande in eventuele ûntheffing mei de Ynspeksje fan it Underwiis dield.

Fraach 9

Kinne jo oanjaan wat in gaadlik momint is om de Steaten om fan de útfiering fan it Taalplan yn syn hiele hear en fear in (tusken) evaluaasje te stjoeren? Sadat dêr in iepenbier debat oer fierd wurde kin en eventueel bystjoerd wurde kin?


⁷ De troch jo oanhelle webside <http://opdestream.nl/taalplan-frys/> is net de offisjele webside fan it Taalplan Frysk. Aktuele ynformaasje oer it Taalplan Frysk is te finen op de provinsjale webside <http://www.fryslan.frl/taalplan> en de offisjele projektwebside <http://taalplan.frl>.

Antwurd fraach 9


Op 31 desimber 2017 moatte alle skoallen in Taalplan Frysk opsteld hawwe. Dêrnei kinne wy presjis oanjaan wat der ophelle is út it fjild. Wy kinne de Steaten yn it earste of twadde fearnsjier fan 2017 in tuskenevaluaasje oangeande de Taalplannen Frysk en de ûntheffingsbesluten dy't dêr al as net mei anneks binne fan de rûchwei 115 skoallen dy't tusken april en desimber 2016 besocht binne, tastjoere.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.M. Leemhuis-Stout, foarsitter



A.J. van den Berg, sekretaris